

31 desimber, freed

De lêste dei fan 1948. Sa'n dei is in minske altyd genegen en freegje himsels ôf oft hy yn it foarbye jier goed of kwea dien hat. Ik foar my leau dat it better kind hie, net wat it wurk oangiet, ik mien dat ik genôch myn bêst dien haw, mar wat it geastlik libben betreft. Om God en Syn gebod haw ik net safolle jûn, faak wie ik noch te beroerd om nei tsjerke te gean, lit stean om myn bêst derfoar te dwaan as in goed kristen te libjen.

Boer, Bouman en ik hawwe jûn nei de grifformearde tsjerke yn Bandoeng foar de âldjiersjûnpreek west. We moasten beide kearen liftsje want der rieden gjin bussen en ek gjin auto's fan ús kompy.

Yn tsjerke trof ik Teake Otter noch. Wy ha nêstelkoar sitten en wat praten oer Nijemardum.

Mei Teake wie ek noch alles tige bêst, hy docht oars net folle as yn it korps blaze. Hy hie gjin sin om noch mei de stêd yn, want by harren wie in fuifke en dat woe er net graach misse. Dêr wie ik net rouwich om. Doe't wy wer op de keamer kamen, wie it dêr allegear noch drokte. Wy ha meielkoar it âlde jier útsitten. Dat is noch wol gesellich wurden. Elke groep hie in flesse jenever en dat brocht der wat fleur yn.